

Liturgy foar snein 2 novimber 2025

Sint Jan te Deinum



Foargonger: Ds. Jan Wielenga

Oargelist: Lucas Wiersema

Lektor: Jelle Bangma

Oargelmuzyk

Wolkom en meidielings

Sjonge: Liet 65: 1 en 3

Stil gebed en begjinwurden

Kyrie:

- Sjonge: Liet 281: 1, 2, 3, 4 en 5
- Gebed

Gloaria:

- Sjonge: Liet 281: 6, 7, 8, 9 en 10

Gebed by iepening fan it Wurd

Lêze: 2 Keningen 17 : 24-34 (lektor)

²⁴De kening fan Assyrië helle minsken út Babel, Kûta, Awwa, Hamat en Sefarvaïm en liet se wenje yn 'e stêden fan Samaria yn it plak fan 'e Israeliten. Sa namen dy Samaria yn besit en setten har nei wenjen yn syn stêden. ²⁵Doe't se dêr earst wennen, ferearen se de Heare net. Dêrom stjoerde de Heare liuwen op har ôf, dy't guon fan harren deamakken. ²⁶Doe seinen se tsjin 'e kening fan Assyrië: De folken dy't jo fuortfierd en wenje litten hawwe yn 'e stêden fan Samaria, kenne de regel fan de God fan it lân net. Dêrom hat er liuwen op har ôfstjoerd en sjoch, dy hawwe har deamakke om't hja de regel fan 'e God fan it lân net koenen.

²⁷Doe joech de kening fan Assyrië de opdracht: Lit der ien fan 'e prysters hinnegean, dy't jim dêr wefierd hawwe. Lit dy dêrhinne gean te wenjen en har de regel fan de God fan it lân leare. ²⁸Sa is dêr ien fan 'e prysters

kommen, dy't se út Samaria weifierd hienen. Hy sette him dêr nei wenjen te Bet-El en learde har, hoe't hja de Heare ferearje koenen.

²⁹Dêrneist makke elk folk syn eigen goaden en joech dy plak yn in timpel op 'e offerhichten, dy't de Samaritanen makke hienen, elk folk foar himsels yn 'e stêden dy't se bewennen. ³⁰De minsken út Babel makken in Sûkkot-Benot-byld, de minsken út Kûta in Nergal-byld, de minsken út Chamat in Azima-byld, ³¹de Awwiten in Nibchas-byld en in Tartak-byld. De Sefarviten ferbaarnden har bern foar Anamêlek en Andramêlek, de goaden fan Sefarvaim. ³²Dêrneist ferearen se de Heare ek en stelden út alle hoeken en hernen wei prysters foar de offerhichten oan, dy't foar harren de timpeltsjinst dienen op 'e hichten. ³³Se ferearen de Heare en se tsjinnen har eigen goaden neffens de regel fan 'e folken dêr't se har út weihelle hienen.

³⁴Oan hjoed-de-dei ta dogge se neffens de âlde regels. Se ferearje de Heare net echt, se dogge net de foarskriften, de regels, de wet en it gebod, dy't de Heare opdroegen hie oan 'e soannen fan Jakob, dy't Er de namme Israel jûn hie.

Sjonge: Liet 146: 3 en 5

Lêze: Luk.17: 11-19 (lektor)

¹¹Op syn tocht nei Jeruzalem reizge Er troch it grinsgebiet fan Samaria en Galiléa. ¹²Doe't Er in doarp yn gong, kamen Him dêr tsien melaatsken temjitte. In ein fan Him ôf bleauwen se stean ¹³en rôpen lûd: Jezus, Master, haw meilijen mei ús. ¹⁴Hy seach harren oan en sei: Gean hinne, lit jimsels oan 'e prysters sjen. En ûnderweis waarden se suvere fan har melaatskens.

¹⁵Doe't ien fan harren seach, dat er wer better wie, kaam er werom en prize God, dat elkenien it hearre koe. ¹⁶Hy liet him foar Jezus syn

fuotten foaroer falle en betanke Him. En dat wie in Samaritaan. ¹⁷Jezus sei doe: Binne der gjin tsien suvere? Wer binne de njoggen oaren? ¹⁸Wie der oars net ien te finen, dy't weromkaam om God te priizjen as allinne dizze frjemde? ¹⁹Doe sei Er tsjin him: Kom oerein en gean jo wegen. Jo leauwen hat jo behâld west.

Sjonge: Liet 836: 1, 3 en 4

Preek

Sjonge: Liet 975: 1, 2 en 3

Gebeden en Us Heit

Ynformaasje oer de kollekte

Sjonge: Liet 704

Seine

Oargelmuzyk

Banknummer Diaconie Terpoarte: NL47RABO0313 2001 81 *

Banknummer Kerk Terpoarte: NL88RABO0119 3579 41

Website Terpoarte: www.terpoarte.nl

Activiteiten november:

2 november Judith Oost/Simon Bouma muziektheater; 15.00 uur, St. Jan te Deinum.

19 november Praatoerke; 10.00 uur, Ons Huis.

26 november Handwerken voor Hongarije; 14.00-15.30 uur, Ons Huis.

NB DIENST OP ZONDAG 9 NOVEMBER is NEDERLANDSTALIG!